Allinnich wat nedich is.

Cookiebelied

v1.0

Dit is in oersetting. By ferskillen is de Nederlânske tekst bepalend.

Hjirby ferklearret VIA, ek hanneljend ûnder de namme Via BV, har cookiebelied.

Wy respektearje de privacy fan ús besikers. Dêrom geane wy mei grutte terughâldendheid om mei jo persoanlike gegevens. Dochs is it foar it goed funksjonearjen fan ús webside nedich dat wy gebrûk meitsje fan cookies. Hjirûnder jouwe wy oan hokker cookies wy pleatse, of pleatst wurde, en wêr't se foar tsjinje.

In cookie is in ienfâldich lyts triemke dat meistjoerd wurdt mei de siden fan dizze webside. Dy wurde troch jo browser op de hurde skiif fan jo kompjûter bewarre. Jo kinne dizze cookies wiskje fia jo browser; sjoch bygelyks dizze taljochting fan de Consumentenbond foar útlis. Wy meitsje allinnich gebrûk fan funksjonele cookies. Dat binne cookies dy't needsaaklik binne foar ús tsjinsten.

Oare funksjonele cookies dy't wy brûke, stelle jo yn steat om troch ús websiden te navigearjen en ús funksjes te brûken. Foarbylden dêrfan binne it ûnthâlden fan de ynlogkoades of it ûnthâlden fan eardere aksjes by it werom navigearjen nei in side yn deselde sesje. Ek dy cookies sammelje gjin persoanlike gegevens, mar wurde allinnich brûkt om de wurking fan ús webside te optimalisearjen.

Wy hâlde ús it rjocht foar om wizigingen oan te bringen yn ús cookiebelied. Dat sille lykwols allinnich funksjonele cookies wêze. As wy oerweagje om net-funksjonele cookies te brûken, sille wy jo dêrfoar om tastimming freegje. Elke oanpassing sil dêrnei op dizze side publisearre wurde.